



**JIERFERSLACH  
SELSKIP  
FOAR FRYSCHE TÆL EN SKRIFTEKENNISSE**

**2023**

[selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)

KORRESPONDINSJEADRES – MOEZEL 222 – 9204 EM DRACHTEN

## FOAROPWURD

Troch it ferstjerrren fan bestjoerslid Geeske Frieswijk yn septimber 2022 is it bestjoer fan It Selskip in “eenmansfractie” wurden.

It is net slagge om nije bestjoersleden te finen.

Foar de Stifting Foarlêzen Selskip binne Joukjen van den Berg en Jannie Atsma tatreden ta it bestjoer. De Stifting hat sa de tiid om de rinnende saken ôf te hanneljen en in mooie bestimming te sykjen foar it jild dat noch oanwêzig is.

De Kriten dogge alle war de Fryske taal en kultuer fuort te sterkjen. Dat bart op ferskate wizen. Aktyf en passyf genietsje fan Frysktalich toaniel, kabaret, Fryske trûbadoers, artysten en Fryske skriuwers. Mar ek stúdzje meitsje fan de Fryske taal en skiednis of sprekkers dêroer oanharkje. Jierliks wikselsje de Kriten harren winterprogramma's ûnderling en mei it bestjoer út .

It Selskip hoedet ek it rike ferline troch de soarch foar earestienten en grêven.

Foar de lêste 5 de grêven fan ferneamde friezen, oprjochters fan It Selskip, komt in oplossing yn byld. Dit sil yn de maitiid fan 2024 syn beslach krije.

It bestjoer winsket jo folle nocht mei it lêzen fan it Jierferslach fan 2023.

Tineke van der Woude, skathâlder  
Drachten, april 2024

## **Bestjoer Selskip op 1 jannewaris 2023**

Skathâlder Mefrou C.J. van der Woude – van der schAAF  
Moezel 222, 9204 EM Drachten  
06-23676646

Stiper Mefrou A. Akkermans - Hofstra

E-post: [selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)

Korrespondinsje adres Selskip: Moezel 222, 9204 EM Drachten

### **Fertsjintwurdiging Selskip yn:**

**Ifat** - Mefrou C.J. van der Woude – van der Schaaf  
Fakature:

### **Kommisje Foarlêzen Selskip**

Mefrou C. J. van der Woude – van der Schaaf  
Mefrou J. van den Berg  
Mefrou J. Atsma

### **Gearwurkingsferbân**

It Selskip hat in gearwurkingsferbân mei it Frysk Boun om Utens. Alle nijs en ynformaasje wurdt op de hiemside set fan it Boun:

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Op de side fan it Selskip stiet de folgjende ynformaasje:

1. Wat is en docht it Selskip
2. Jierferslach

De hiemside fan It Frysk Boun om Utens wurdt regelmjittich aktualisearre.

### **Kontakten nei bûten ta**

Yn 2023 hat it bestjoer fan it Selskip mei in tal organisaasjes en persoanen kontakt hân oer de gearwurking en it oanheljen fan de bân. Kontakten wiene der mei:

**Ifat** ( It Frysk Amateur Toaniel )

**Frysk Boun om Utens**

Under oaren oer gearwurking, jildsaken en de hiemside.

**Tresoar**

Bywurkje argyf fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

**Keamer fan Keaphannel**

Bywurkje wizigingen bestjoer Selskip

<b>GEARKOMSTEN BESTJOER SELSKIP / ALGEMIENE GEARKOMSTEN / LEDEGEARKOMSTEN</b>
---

It bestjoer hat foaral dwaande west mei rinnende saken ôf te hanneljen en regelmjittich in nijsbrief út gean te litten nei de Kritten.

Algemiene gearkomsten / Ledegearkomsten  
Op 24 april 2023 is der in Algemiene gearkomste holden.

De bankrekken Jubileumfonds en it restant fan de rekken Underwiisfûns (fan Foarlêsprojekt) is ferdield ûnder de beide Kritten.

It saldo op de rekken Y.K.de Boer Fûns wurdt yn 2024 brûkt foar it ôfkeapjen fan de grêven.

<b>ORGANISAASJE - KRITEN</b>
------------------------------

**Adressen deistich bestjoer Kritten op 1 jannewaris 2023**

**1. Krite Drachten**

**Foarsitter**

Mefrou A. Annema-Annema

Tillefoan: 0512-517079 email: [annekeannema@hotmail.com](mailto:annekeannema@hotmail.com)

**Skriuwer / ledeadministraasje**

De hear Henk Vaartjes, tillefoan 06-54280078

**Skathâlder**

De hear H. J. De Jong

Tillefoan 0512-779 965 email: [hilbrandindrachten@gmail.com](mailto:hilbrandindrachten@gmail.com)

**2. Krite Easterwâlde**

**Waarnimmend foarsitter en skriuwer**

Mefrou T. van Berkum-de Boer

Tillefoan: 0516-850186 email: [tberkboer@quicknet.nl](mailto:tberkboer@quicknet.nl)

**Skathâlder**

De hear J. Kort

Tillefoan: 0516 – 520018 email: [jennyprins@hetnet.nl](mailto:jennyprins@hetnet.nl)

## **WURK EN AKTIVITEITEN FAN IT SELSKIP**

- **Earestienten, grêfteikens, grêfsarken en grêven**

**Earestienten, grêfteikens, grêfsarken en grêven.**

**Ut it Tinkboek: “*In folk, dat syn greate mannen net earet, is se net wurdich*”.**

**Hoe komt it dat it Selskip behelle is by Earestienten, Grêfteikens, Grêfsarken en Grêven?** De skiednis fan ien en oar is werom te finen yn it Tinkboek fan it “Hûndertjierrich bistan fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse“ 1844 – 1944. “It Selskip kent in lange en rike histoarje, mei gâns wichtige mannen yn it bestjoer, dy en safolle oaren dy’t sa’n protte foar de Fryske tael dien hawwe, binne wurdich nea forgotten to wurden. “

**It Tinkboek sels stelt de fraach en jout it antwurd:**

“Hwat hat dochs de reden west, dat it Selskip foar Fryske tael der ta oergien is om in eareblyk foar harren op te rjuchtsjen?” En dat andert kin dan net oars wêze as: “It oprjuchtsjen fan dizze tinkstiennen hat útslutend ta’n doel hawn ús âlde sprake to earjen en de âlde fryske beam nije soppen ta to foegjen. En dat ús earestiennen der jit in lange rige fan jierren fan tsjûgje sille hoe’t it Fryske Selskip syn greate mannen earet”.

It Selskip hat “op eigen manneboete of yn ‘e mande mei oaren “ oprjochte:

- I. Earestiennen ( Earestienten )
- II. Grêfteikens ( Grêfteikens )
- III. Grêfsarken en
- IV. Grêven yn eigendom en / of yn ûnderhâld.

### **IV. Grêven**

It Selskip hat it eigendom en/of it ûnderhâld fan de grêven te:

1. Baard, fan Harmen S. Sytstra
2. Hallum fan Meindert Rozenga,
3. Ryptsjerk fan Auke Boonemmer
4. Burgum fan Tsjibbe Gearts van der Meulen
5. Burgum mefrou Grietje Peereboom, widdow fan Tsjibbe Gearts

Yn 2023 is it oerdragen fan de grêven yn gong set.

Dit sil yn april 2024 ôfrûne wurde.



<b>Selskip Balâns op 31 desimber</b>			
<b><u>2022</u></b>			
<b>Aktiva</b>		<b>Passiva</b>	
Betelrekken	42,58		
Sparrekken	€ 1399,71		
		Kaptaal	€ 1442,29
<b>Totaal</b>	<b><u>€ 1442,29</u></b>	<b>Totaal</b>	<b><u>€ 1442,29</u></b>

<b>Selskip Balâns op 31 desimber</b>			
<b><u>2023</u></b>			
<b>Aktiva</b>		<b>Passiva</b>	
Betelrekken	1748,67	Noch betelje (=subs.IFAT)	2000,00
Sparrekken	1400,16		
		Kaptaal	1148,83
<b>Totaal</b>	<b><u>3148,83</u></b>	<b>Totaal</b>	<b><u>3148,95</u></b>

**It Jubileumfûns is oerboekt nei de Krite**

Drachten, april 2024

Opmakke troch:

C.J van der Woude - van der Schaaf, skâthâlder



<b>Selskip Eksploitaasjerekken 2023</b>		
	<b>Baten</b>	<b>Lêsten</b>
Ynlagen Krite	199,00	
Rinte	0,45	
Burokosten		285,61
Kosten Gearkomsten		10,00
Reiskosten Bestjoer		
Grêfrjochten		147,30
Ferskaat		50,00
	<b>199,45</b>	
tekoart	293,46	
	<b><u>492,91</u></b>	<b><u>492,91</u></b>
Kaptaal op 1 jannewaris 2023	1442,29	
Eksploitaasje tekoart		293,46
Kaptaal 31 desimber 2023	<b><u>1148,83</u></b>	

Drachten, april 2024

Opmakke troch:

C.J. van der Woude-van der Schaaf,

skâthâlder